

	VVD nû. 18	PvdA nû. 20	PVV nû. 25	SP nû. 48	CDA nû. 8	D66 nû. 41	CU nû. 11	GL nû. 16	SGP nû. 19	PvdD nû. 26	50PLUS nû. 11	NW nû. 2
												
	<i>Aukje de Vries</i>	<i>Christa Oosterbaan</i>	<i>Max Aardema</i>	<i>Fenna Feenstra</i>	<i>Harry v.d. Molen</i>	<i>Sietze Schukking</i>	<i>Gerben Huisman</i>	<i>Wim-Jan Renkema</i>	<i>Tom Bakker</i>	<i>Rinie v.d. Zanden</i>	<i>Theun Wiersma</i>	<i>Jacques Monasch</i>
Wa en wat binne jo?	Aukje de Vries, hikke en tein yn Ljouwert. Sûnt 2012 Twadde Keamerlid, wurd-fierder belestings, finansjele sektor en it Waadgebiet.	Sûnt 2010 gemeenteriedslid en sûnt 2013 fraksjefoarsitter op Skylge, dêr't ik ek berne bin.	Ik wenje yn Drachten en wurkje by de plysje Noard-Nederlân. Sûnt 2011 lid fan Provinsjale Steaten Fryslân.	Ik wenje yn Snits en wurkje as dosint/ûndersiker yn Grins. Yn de Fryske Steaten bin ik fraksjelieder. Fan jongs ôf aktyf foar in bettere en earliker wrâld.	Hikke en tein yn Damwâld. Wenje sûnt myn 19 ^e jier yn Ljouwert. Dêr mei ik no al in pear jier wethâlder wêze.	Hikke en tein yn Poppenwier. TU-Delft elektrotechnyk. Aktyf yn ekonomy, high tech, duorsumens, lânbou, iten, romtlike oardering, natuer en langetermynúntwikling.	Wenplak Ljouwert. Net hikke en tein yn Fryslân, mar ik fiel my hjir bysûnder thús.	Ik bin hikke yn Drachten en tein op De Tynje en yn Beetstersweach. Ik wurkje yn it ûnderwiis, hjoed-de-dei op it Hearrenfean.	Ik wenje yn Driezum en bin wurksom yn it basisûnderwiis. Ik bin riedslid yn Dantmadiel.	Ik wilde tuinieren maar zit tot mijn verbazing al twee jaar in de Friese Staten. Het is als eenpersoonsfractie niet altijd eenvoudig, maar ik begin het nog leuk te vinden ook.	Hikke en tein yn Fryslân en wenjend yn Drachten. Wurksom by It Fryske Gea.	Ik bin berne yn Rotterdam en opgroeid yn Drachten. Dêrnei oeral wenne, û.m. yn Moskou, mar sûnt 2010 bin ik werom yn Fryslân en thús yn Snits.
Wat docht jo partij foar Fryslân en it Frysk?	Ynset foar slûs Koarnwertersân, fleanbasis Ljouwert, fêrwater nei Amelân en Westgat (berikberens haven Lauwerseach), mûne yn Boerum en foar de Biltediken. Stipe jûn oan Wet gebrûk Fryske taal, desintralisearjen fan 'e ûnderwiisdoelen Frysk nei de provinsje Fryslân en nije bestjoersôfspraken Fryske taal en kultuer.	Sterk meitsje foar de Fryske saak. Bygelyks tsjin de gasboarringen, jild foar slûzen yn de Ofslútdyk, behâld fan de Sionsberg, de wet gebrûk Fryske Taal, de posysje en jild foar Omrop Fryslân, de mûne yn Boerum ensfh. Fryslân tichter by Den Haag bringe (ekskursjes).	Wy komme op foar Fryske taal en kultuer. Wy stride tsjin pleatsing fan wynmûnen yn ús moaie lânskip. Fryslân foar de Friezen mei har eigen taal (en Omrop!)	Wy sette ús it measte yn foar it feit dat minsken gelykwaardich oaninoar binne. Dat eltsenien deselde kânsen krije moat. It Frysk is wichtich foar ús. Yn it ferkiezingsprogramma fan 'e SP stiet dat it Frysk yn 'e grûnwet stean moat.	Fryske CDA-keamerleden hawwe each foar de lânbou, ús Omrop, krimp en leefbere doarpen. Wy binne de partij fan de regio en dêr binne wy grutsk op. Wy fine dat it Frysk (de twadde Rykstaal!) yn de grûnwet stean moat. Dan is it ek ôfrûn mei de diskusjes oer it brûken fan it Frysk.	In duorsume mien-skip. Leefberens fan doarpen, ferbining fan minsken mei it lânskip. Ekonomysk duorsume lânbou en weromkrijen fan biodiversiteit. D66 set heech yn op trijetalich ûnderwiis.	Wy wolle it Frysk yn de grûnwet opnimme en Omrop Fryslân foarsjen fan ekstra jild. Gjin nije gas- en sâltwinning yn Fryslân. Banen by de oerheid yn Fryslân moatte bliuwe en nije der by komme. Regiotslach om soarch te behâlden. Gruttere slûs by Koarnwertersân, Koartere reistiden iepenbier ferfier en superrap ynternet, ek op it plattelân.	GrienLinks hat in grut hert foar it ferskaat yn ús lân. Wy wolle omtinken jaan oan de posysje fan Fryslân en it Frysk. Wy wolle de skries, de kening fan 'e greide, werom ha en kieze foar dat belied dat soks (yn 'e mande mei boeren en oaren) mooglik makket.	Op fergrizing en krimp reagearret De Haach mei fúzje. Wy leauwe dêr net yn. Lit Fryslân ûntwikkelje dêr't it grut yn is: de Fryske taal, de doarpskultuer, it lânskip (sûnder wynmûnen). Mar wol ferbûn: troch in goed net fan autodiken, in goed iepenbier ferfier en fluch ynternet, ek op it plattelân.	De kaalslag in Fryslân (land-schapspijn!) doet ook een aanslag op de Friese taal, omdat Friese woorden en begrippen verdwijnen. Wij willen meer aandacht voor biodiversiteit en zo ook de rijke Friese taal en cultuur in stand houden.	Ynsette op behâld selsstannigens fan Fryslân, syn taal en kultuer. Omrop Fryslân is dêr belangryk by. Yn Fryslân makket 50PLUS him ek sterk foar leefberens, ûnderwiis, wurkgelegenheid, húsfesting en in goede berikberheid (sikehuzen) en de beskikberens fan soarch en ferpleging.	It Ryk moat it Frysk as twadde rykstaal yn syn belied respektearje. Omrop Fryslân moat redaksjoneel en finansjeel ûnôfhinklik bliuwe. De stânpunten fan Nieuwe Wegen oer in bettere ferdieling fan kultuerjild (net mear alles konsintrearje yn de Rânestêd), en ynvestearringen yn regionale ynfrastruktuer binne ek wichtich foar Fryslân.
Foar hokker Fryske saak soene jo jo yn De Haach ynsette wolle?	It kulturoanbod ferspride oer hiel Nederlân. By de ferdieling fan it jild moat de Ried foar Kultuer rekken hâlde mei de balâns tusken de ferskate regio's, sûnder de kwaliteit út it each te ferliezen. Dat docht rjocht oan de regionale kulturele identiteit.	Opkomme foar de bysûndere posysje fan Fryslân, syn bewenners en de taal en kultuer. Wurkgelegenheid fersterkje, benammen op gebiet fan ynnovaasje en duorsumens, mei ekstra triuwke út Den Haag wei.	Baas yn eigen hûs. Ut de EU, opkomme foar de agraryske sektor. Njonken de bekende stânpunten ekstra jild foar plysje en definsje (fleanbasis), mear hannen yn 'e soarch. Jou ús jild út oan 'e gewoane Nederlander yn stee fan de hiele wrâld oer. Foar Fryslân betsjut dat benammen: helje hjir wurk hinne!	Eltsenien hat rjocht op in minskwaardich en lykwêardich bestean. Ik knok foar in Fryslân, Nederlân en Europa dêr't elkenien telt en dêr't ekonomy, grûn en natuer yn balâns binne. Duorsume lânbou is wichtich foar my, dêr set ik my foar yn.	- Kwaliteit fan ús lytsere doarps-skoallen. - Ferbreedzjen slûs by Koarnwertersân (want dat is noch net hielendal wis). - Mear finansjele romte foar it MKB om minsken oan-nimme te kinnen. Yn Fryslân is de wurkleazens te heech.	Lânbou wer yn balâns mei de natuer. Differinsjaasje yn romtlik belied mei ûnderskate kategoryen fan lânbou, ruilferkaveling 2.0 en oanpaste regeljouwing foar produksje, ferwurking en ferkeap fan iten troch lytsere spilers. Romte foar ekonomyske ûntjouwing fan doarpen.	Ik set my graach yn foar de Fryske taal, it behâld fan doarps-skoallen en in fûns foar duorsume en sosjale inisjativen op it plattelân, lykas Hallum Brûzjend Hert en Holwert oan See.	De positive ûntwikkeling fan twa- en trijetaligens op skoallen wol ik graach stypje. Fierders tink ik dat gearwurking mei oare regio's en talen (yn Nederlân mar ek yn Europa) fan belang is. Fryslân is unyk mar stiet net allinnich.	De SGP wol mear plysje op it plattelân en in sterke striidmacht (fleanbasis Ljouwert). Wy wolle mear rêst op snein en romte foar kristlike skoallen. Wy meitsje ús sterk foar ús boerebedriuwen en fiskers. In stim foar de SGP is in stim foar de boer.	Wij vinden dat bevolkingsgroepen zich zoveel mogelijk naar hun eigen identiteit moeten kunnen ontwikkelen. Hun taal en hun cultuur spelen daarbij een belangrijke rol. Niet voor niets is het verkiezingsprogramma van de PvdD ook in het Fries verschenen.	Foar Fryslân binne wurkgelegenheid en leefberens wichtig, mar ek natuer en miljeu. 50PLUS wol it brûken fan duorsum guod stimulearje en it ûndersyk nei it gebrûk fan duorsume/alternative enerzjyboarnen befoarderje.	Echt wurk meitsje fan fluch ynternet op it plattelân. It trochlûken fan it spoar fan Lelystêd nei it Hearrenfean en Ljouwert makket Fryslân better berikber en is goed foar de Fryske ekonomy. It mbû moat, yn gearwurking mei it Fryske MKB, tichter by de jongerein komme mei it each op mear takomst foar ús bedriuwen en ús jongerein.
Animo om 2x it jier gear te kommen mei de FNP en de Fryske Keamerleden?	Fansels! Graach!	Graach.	Jawis!	Fansels, ek wol faker.	Jawis! As de FNP it slokje en de bitterbal foar syn rekken nimt, wurdt it hielendal gesellich!	Fansels, ik rekkenje op jim stipe om Fryslân foarút te helpen!	Graach!	Graach! It is in eare om mei de FNP en oaren gear te wurkjen foar de regio en de taal.	Fansels haw ik dat. Graach.	Nee, drie keer.	Ja, ik wurd graach útnûge.	Fansels! Dat ha ik de ôfrune seis jier ek dien.